

It ferhaal fan in ferlerne mienskip

FD 05-08-2006

troch Yvonne Dijkstra

Ik ha de minsken stik foar stik oerein hâlde wollen yn it ferhaal. Ik wol mei dit boek mei de holle heech yn it Heidenskip oankomme' sei Hylke Speerstra op 31 maaie 2006 yn dizze krante oer syn doe noch út te kommen nijste boek *De Oerpolder*. In wike letter waard it boek, dat tusken fiksje en non-fiksje ynsit, presintearre yn it tsjerkje fan It Heidenskip. Sa'n njoggentich minsken wiene dêr oanwêzich doe't Speerstra it earste eksimplaar oerlange oan Itte Groenhof-Van der Wal. Deselde deis wie de earste druk útfêrkocht!

Speerstra is mei flagge en wimpel slagge foar it doel dat er himsels steld hie. Hy koe 8 juny mei de holle heech yn It Heidenskip oankomme want De Oerpolder is in prachtich

wurk wurden, in yndrukwekkend stik fertelkeunst. Yn dit earste diel, want der folget noch in diel twa, wurde ferhalen ferteld dy't spile ha yn It Heidenskip fan de njoggentjinde ieu. Speerstra brûkt it prosedee sa't we dat fan him kenne: sykje in nijsgjirrich ûnderwerp en lit de gewoane (meast âldere) man dêr oer fertelle. Kombinearje dy fertellingen mei argyf- en oar researchwurk en jit it gehiel yn in lêsber ferhaal. Dat heart simpeler as dat it is, want oan dit boek moat in bealchfol wurk foarôfgien wêze ear't it op papier stie. Dat is ûnder oaren te sjen oan de mânske literatuerlyst achteryn, mar ek oan de list fan ynformanten dy't yn it neiwurd betanke wurde. Dat it boek sa maklik fuortlêst is te tankjen oan Speerstra syn masterkeunst as ferteller.

En dan komt de skriuwer, as

postmodernistysk grapke, ek noch efkes del as personaazje yn syn eigen ferhaal. Yn it lêste haadstik is der sprake fan in âldman, 'in hupse baas noch' dy't syn koffer draacht sa't de Dútsers dat foar moade hiene, op 'e rêch. Dizze âldman set te foet it Heidenskip yn en we sjogge him werom nei ôfrin fan in gearkomste fan boeren yn kafee De Utspanning: 'Wat er heard hie wiene nije stimmen mei âlde bylûden dy't harren eigen wierheden preken. De âlde man dipte syn kroantsjepinne yn de inkt en nochris wer.'

Yn alle ferhalen komt de driging fan it wetter werom: 'Hjir wie de sâlte azem fan dat allesferneatigjende meunster by westerstoarm te rûken, sels te hearren; de deadzjende see, dy't by steat wie it resultaat fan jierrenlang bodzjen yn ien springfloed fuort te spielen'. De

driging wie der altyd en 'wa't him hjir net troch in dyktrochbraak ferifelje litte woe, koe mar better sliependewei ien skonk oer de bêdsplanke hingje litte om't it boezemwetter samar oan de doarskrukken ta stean koe'. Mar net allinnich it wetter hinget as in swurd fan Damocles boppe de bodzjende Heidenskipsters, ek de dea loert altyd om in hoekje. En as it de man mei de seine net is dy't op de loer leit, dan binne it wol de oandielhâlders fan de pleatsen, dy't inoar it ljocht yn de eagen net gunne. Dat wie nij foar my, dat net allinnich de boerearbeiders mar ek de boeren sels noch wolris de pleats ferlitte moasten omdat der út de rûnte fan oandielhâlders in oare gadingmakker nei foarren skood waard. En wat my ek tige fernuvere hat, wie it hâlden en dragen fan boerinnen yn dy

tiid. Ast it ferhaal leauwe meist, hongen dy wol gauris op 'e hoksen boppe de groppe te pisjen en drongen se lykop mei de manlju. Mar myn favorite boerinne yn De Oerpolder is dochs Grutte Wopkje, dy't 'in winkeltsje ûnder de skelk' hie (wat in prachtich eufemisme!) mar ek in hert fan goud.

Wat kin ik der fierder noch oer sizze? Dit boek is prachtich, prachtich, prachtich! Eltse Fries moat dit lêzen ha en it soe ferplicht steld wurde moatte foar nije Friezen... Dy't it dan earst yn harren eigen taal lêze kinne, want De Oerpolder wurdt ek daalk yn it Hollânsk útjûn. Dus, tsja wat kin ik der fierder noch oer sizze? Lêze dat boek!

Hjir besprutsen: Hylke Speerstra, De Oerpolder. Bornmeer: Ljouwert/Uttert, 2006, priis: 29,50